



# DOARPSNIJS

Nûmer 426

febrewaris 2019

# KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste woansdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

## De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	571855

E-mailadres: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)

Website: [www.nijemardum.nl](http://www.nijemardum.nl)



## It bestjoer fan Doarpsbelang:

Jeannet Bekedam (voorz)	Hoitebuorren 12	571597
Sjoukje Kramer (secr)	Wissebuurt 12	571785
<a href="mailto:Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com">Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com</a>		
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Jaap Douwe Bokma	Hoitebuorren 13	571328
Froukje Prins	Hege Bouwen 16	593776
Thys Laffra	Omrin 4	571551
Jan Deinum	Wissebuurt 14	795040

E-mailadres buertplysje: [dirk.hebing@politie.nl](mailto:dirk.hebing@politie.nl) of [www.politie.nl](http://www.politie.nl)

Wykbehandler gemeente: [r.zijlstra@defryskemarren.nl](mailto:r.zijlstra@defryskemarren.nl) of  
Tel. [0620548535](tel:0620548535) of  
[www.defryskemarren.nl/melding](http://www.defryskemarren.nl/melding)

## STOARN

Op 6 febrewaris is stoarn Douwe Wildschut fan Tsjerkgaast. Hy is 29 jier wurden.

## FERHÚZE

Famylje Stephan Mast is fan de Omrin nei It Heidenskip.

## FREGE

Schoonmaakhulp gevraagd (vanaf 16 jaar) voor evt. weekenden en door de week.

*Gr. camping de Groninger 0514571459*

## HIMMELDEI 2019

Het voorjaar komt er aan en dat betekent dat de Gemeente De Fryske Marren weer een Himmeldei organiseert. Het doel van Himmeldei is om met elkaar, zowel jong als oud, de directe woonomgeving schoon te maken. De gemeente verzorgt het inzamelmateriaal (prikkers, plastic zakken). Indien je/u bereid bent mee te doen aan de Himmeldei in Nijemardum, meld je dan op zaterdag 23 maart om 9.30 bij het "Doarpsûs. Kinderen kunnen dan binnen de bebouwde kom en volwassenen, fiets meenemen, het buitengebied schoonmaken. De kofje/frisdrinken stiet klear!!

*Doarpsbelang Nijemardum*



## DFM OP GLAS

Wilt u op de hoogte blijven van de stand van zaken betreffende het glasvezelnetwerk? Check dan regelmatig de site <https://dfmoglas.nl/>

## BINGO

Op zaterdag 16 maart organiseert Lokaalferiening Nijemardum weer een gezellige bingoavond voor jong en oud in het doarpshûs. We beginnen om 20.00 uur en we spelen opnieuw om geldprijzen.

De prijzen zijn verpakt en hangen of staan in de grote zaal, dus kies je eigen prijs en laat je verrassen bij Bingo!

Bij de volgende bingo in oktober zijn weer verrassende cadeaus te winnen.

Als er dorpsgenoten zijn die het leuk vinden om mee te helpen met het organiseren en inkopen van de bingo en bingoprijzen, dan horen we dit graag. Je kunt dit aangeven bij: Annie Veldman: 06-46431659

*De Lokaalvereniging*



## NOCH BY JUF

Op in skitterjende middei fyts ik de Sintel yn. Ik ha in ôfspraak mei Jorrit Beukens; by de doar hinget in prachtich nammebuordsje fan de Famylje Beukens-Pruiksma en dan 5 ôfbyldingen fan in Heit, Mem, 2 mantsjes en in famke mei sturtsjes.

Jorrit docht de doar sels iepen." Us Mem is der efkes net, mar sy komt drekt wol wer".

Ik folgje him de grutte keamer yn dêr't in kleed leit besjidded mei trekkers en oare attributen.

"Hast der sin oan?" freegje ik him. "Ja, mar ik ha gjin idee wat ik dwaan moat."

"Dat komt altyd goed jonge". Corrie komt wyls de keamer ek yn mei de jongste soan Redmer.

Hy hat in bernefeestje hân en in beker mei snobberij krigen, dy't kreas mei Jorrit dield wurdt.

Redmer hat in pear eagen yn de holle dy't boekdielen sprekke, prachtich. Hy fertelt en fertelt.... Corrie stjoert him mar gau rjochting bank want oars kriget Jorrit hast gjin kâns om te praten.

Jorrit is sân jier en wennet op Heaburgen 40, mei syn Heit Johannes en syn Mem Corrie.

Redmer is syn lytse broer en suske Gerbrich fan ien leit noch op bêd.

Sa no en dan lit se har hearre fia de babyfoan.

### Ha jim ek húsdieren?

No net echt, pake en beppe ha in hûn en wy ha no wol babypoebeskes, mar dy komme net yn 'e hûs.

En pony's ..ja, dy binne fan beppe, mar dêr fyn ik niks oan; ik ha der ien kear opsitten en bin der doe ôffallen. *Ja, libbensgefaarlik Jorrit.*

### Yn watfoar groep sitsto en by hokke juf?

Yn groep 4 by juf Tiny en juf Geeske.

### Ist in grutte groep?



Yn groep 3 sitte acht bern, yn groep 4 sitte fjouwer en yn groep 5 sitte fiif bern.

**En fynst it leuk op skoalle?**

Jawol, ik mei no al mei in Stabilo en in griis potlead skriuwe.

**Wat fynst it moaiste fak op skoalle?**

Rekkenjen; *dat kin hy goed.*

**En wat fynst it ferfelendste op skoalle?**

*No dat kin hy net betinke, hy fynt alles wol moai.*

We ha in hiel moai skriuwboekje krigen, dêr steane “woordzoekers” yn.

**Praatst altyd Frysk?**

Op skoalle net. *Fynst dat ek slim?* Oh nee, makket my niks.

**Wat wolst letter wurde?**

*No dêr hoecht hy net oer nei te tinken: “BOER”. Wat prachtich foar dyn Heit en Mem.*

*Heit Johannes komt wylst ek om tee en dy is ek bliid dat hy in opfolger hat.*

*“En Redmer wol dan in leanbedruiw der by ha.”*

*Jorrit wipt wat hinne en wer op de stoel en sjocht nei myn briefke mei fragen..... pff, we binne der noch lang net jonge.*

**Wat fynst leuke tv programma`s?**

Robin Hood en Bolly en Billy; dat sjoch ik altyd op Netflix.

En wy ha nei Ernst en Bobby west; dy wiene yn Snits yn it Teater.

Dat wie hiel leuk, folle leuker as op de tv.

**Wat fynst leuk om te lêzen?**

Op skoalle lês ik wol graach yn de Kameleon en thús de Donald Duck.

**Kinst goed lêze?**

Ja, ik sit al op it nivo fan groep 6.

*Gerbrich is der wyls ek ôfkaam; Jorrit pakt in boekje en lêst yn in rap tempo foar . Se sjocht him oan en moat derom gnize.*

**Watfoar muzyk fynst leuk?**

*Hy prakkesearet en kin net rjocht in antwurd jaan. “Ik fyn in hiel soad muzyk wol moai; yn de stâl ha we 100%nl altyd foar de radio.*

**En bespilest ek in ynstrumint?**

Nee, ik ha wol in gitaar, mar dat is sa`n boartersguod-ding.

*No jonge, myn Jan hat noch wol ien oer foar dy hear.*



**Fynst it moai om hjir te wenjen of giest leaver wer werom nei de Lyklamawei?**

Nee, ik wol net wer werom nei it oare hûs, want dan moasten we altyd de auto brûke om nei see te gean en no kinne we rinnend.

**Geane jim faak nei see?**

Jawol, we picknikke dan faak by de deade beam en we fine altyd wol wat op it strân; ik ha wol ris in bal fûn en in boei.

We geane ek wolris mei Pake en Beppe.

**Wêr boartersto graach mei?**

Mei trekkers; ik ha boppe op myn keamer in kastfol mei trekkers en hjir ûnder steane ek in soad. En Mem hat lêsten har Nintendo wer fûn; dat fyn ik ek leuk.

**Boartersto ek wol bûten?**

Jawol, oars soe it net best wêze.. Ik boartsje faak op de heasouder, hutten bouwe en der hinget ek in slingertou; dêr boarten Heit-en-dy ek altyd al mei.

En ik gean faak mei Heit op de trekker .

**Wat fynst it lekkerste om te iten?**

Patat!! En makaroany en spagetty fyn ik ek lekker.

**En earpels?**

*Redmer stekt syn holle efkes achter de bank wei en seit dat hy gek is op brokkoly.*

*En Jorrit fynt bakte earpels lekker.. is dat sa Jorrit? "Ja, mei eigenmakke smots."*

**Helpst heit en mem wolris?**

Jawol, as ik mem help dan helje ik faak de "vaatwasser" leech; ik stofsûgje en tear de handoeken soms wol op.

*Tsjonge, dêr kinne myn grutte bongels noch in foarbyld oan nimme, knap hear.*

En ik mean it gers altyd mei de sitmeaner; earst moast Redmer altyd " ferplicht" mei om it gewicht.

Mar no hat Heit der wat tegels op lein; ik mei net te ticht by de sleat komme.

*Jorrit betinkt dat hy de hiele moanne jannewaris noch net meand hat...*

Gelokkich mar jong, dat komt aanst fansels wer.

**Wat fynst hiel leuk om te dwaan?**

Ha we dizze fraach krekt net hân? *Nee dat gyng oer skoalle.*

Ik fyn bûten boartsje hiel leuk en heit helpe mei it melken en op de shovel sitte.

**En wêr fynst niks oan?**

*Gerbrich begjint krekt te skriemen.....,sjoch hjir fyn ik niks oan...*

En oh ja spinaazje fyn ik ek niks oan.

**Kin it dy wat skele watfoar klean ast oan hast?**

Nee, makket my niks; oh ja ien ding: de rôze ûnderbroek, dy moast ik altyd oan fan mem, mar gelokkich past dy no net mear en moat Redmer him oan.

Dy komt fansels wer fan de bank en ûntkent dat. "Dy ha ik allang fuordien hear  
"seit Corrie.

Redmer ropt dat Jorrit juster in "Valentijnskaart"  
krigen hat: sy is "ferliefd" op dy!

Jorrit moat der om gnize; "Is it echt sa?" Ja mar dat  
hoecht net te betsjutten dat ik ek ferliefd bin.. Ast  
dat mar yn 'e gaten hast jonge.

### **Geane jim ek wol op fakânsje?**

Ja, we ha nei Centerparcs west yn Limburg.

Doe wie it hiel warm en der wie ek in toubrêge. It wie de bedoeling dat we der  
oerhinne rinne moasten ,mar wy gyngjen der oan hingjen. Der wie in hiel sterke  
man, dy koe hielendal fan it begjin oan 'e ein "tarzanne".

### **Ast no in winsk dwaan mochst, wat soest dan winskje?**

"Snoep" krije dat noait oprekket, en dat der dan noait gatsjes yn it gebit komme.  
Mmmmmm hearlik , dat soe wat wêze..

Dit wie de lêste fraach alwer jonge; bedankt dat ik hjir efkes komme mocht.  
Enne ik soe no mar gau de pûde mei spekjies iepen meitsje...

*Wiepkje*





# LOKAALVERENIGING NIJEMIRDUM

**Uitnodiging voor het bijwonen van de jaarlijkse ledenvergadering van de Lokaalvereniging op woensdag 6 maart 2019 om 20.00 uur in het dorps huis van Nijemirdum.**

## AGENDA

- 1 Opening en vaststellen agenda
- 2 Notulen ledenvergadering van 7 maart 2018
- 3 Ingekomen stukken en mededelingen
- 4 Jaarverslag secretaris  
  
Pauze
- 5 Financieel verslag penningmeester
- 6 Vaststellen jaarlijkse contributie
- 7 Project “Toekomst Dorpshuis”
- 8 Bestuursverkiezing:  
Aftredend en niet herkiesbaar: Hendrik Postma (penningmeester)  
Vacature nog vacant.
- 9 Rondvraag
- 10 Sluiting

*De Lokaalvereniging*

## WER IS DIT ?

Dizze wenning op Hoitebuorren 6 is noch mar krekt oplevere en boppedat net al te grut. Ja, dan sjogge jo de boel al gau oer de kop. Mar Arnold Rozema joech syn eagen goed de kost en ûntduts dit leaflike húske. De sûkerbôle is dus foar him.

Henk en Lian de Graaf binne de útfierders fan dit bouplan; sy tochten dat der wol in merk wie foar in "Tiny house" yn Nijemardum.

En ja hear, yn in poep en in skeet wie de wenning beset.

Henk en Lian ha al efkes kennis makke mei it nije, o sa gastfrije gesin; hja waarden dan ek direkt útnoege foar in besichtiging fan de nije wenning mar dat fûnen Henk en Lian net sa pasjen.

De famylje frege ús noch om in fermelding yn it krantsje foar de rubryk "nije ynwenners"

en fansels dogge wy dat graach ; it giet om de famylje K. Bouter. Wy winskje harren noch in moaie tiid ta yn Nijemardum .



Wêr binne wy no?

Belje gau nei nr. 571889

Of stjoer in mail nei:

[redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)

Dat kin oant en mei kommende tiisdei.

*Jantsje*



*Maitið:*

*Ús "húske-ein"*

*sit ek al te*

*brieden*

## DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorpshuis
Runia Fourage BV	Veevoerders
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Edze Westra	Edze Westra Trading BV

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste woansdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

## AGINDA

2 maart	:	Playbackshow
6 maart	:	Ledengearkomste lokaalferiening
16 maart	:	Bingo
23 maart	:	Himmeldei
8 juny	:	Rommelmerk
27, 28, 29 juny	:	Doarpsfeest

Elke 3e sneon fan 'e moanne wurdt it âld papier ophelle.

**IT FOLGJENDE KRANTSJE** ferskynt op woansdei 27 maart 2019

**KOPIJ YNLEVERJE foar woansdei 20 maart 2019**

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)